

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Douwe Hoogland
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn juny dit jier is de stjoergroep Drintsk-Fryske Grinsstreek fan doel en stel in nije kaart fêst foar de takomstige rûtes en ynrjochting fan it Nasjonaal Park. It giet dêrby om in útwurking fan it Behear- en Ynrjochtingsplan, wêrby't mear wylde natuer yn it gebiet komt en paden ferlein wurde. Yn de 'stille kearn' bliuwe allinne lytse paadsjes oer en is der gjin markearring mear, mar kuierdere meie der noch wol komme.</p> <p>Op it stuit rint der in konsultaasje-trajekt oer dy plannen. Lykwols kinne de ynformaasjegearkomsten dy't foar april plend wienen no fansels net trochgean. Fan ferskillende minsken en organisaasjes dy't al jierren aktyf binne yn it Nasjonaal Park hat de FNP te hearren krigen dat sy tanimmend tsjin problemen oan rinne.</p> <p>Sa binne der ferieningen dy't al jierren bygelyks oriïntearings- of hurdrinwedstriden organisearje. Sy krije troch de behearder Steatsboskbehear hieltyd mear beheiningsolein, en hawwe it gefoel dat eveneminten ûntmoedige wurde. Sa kinne tusken 1 maart en 1 novimber net hurdrûn of in fjouwerdagekuiertocht organisearre wurde. Fierder wurde regelmjittich op it lêste momint noch oanfoljende regels oplein of moatte sy stikken fan de plende rûte wizigje. Ek bûten de 'stille kearn' binne in soad paden ferdwûn of ticht troch omfallen beammen. Ek hat FNP heard fan soargen fan rekreaasje-ûndernimmers dat it de lêste jierren rêstiger wurdt yn Appelskea.</p> <p>De FNP fynt it Nasjonaal Park Drintsk-Fryske Wâld in wichtich natuergebiet dat beskerming fertsjinnet, mar hat soarch oer de balâns tusken natuer en rekreaasje. Natuer is fan ús allegear en je moatte minsken ek de mooglikheid jaan om der fan te genietsjen. Krekt dizze natuerleafhawwers binne oer it algemien ek dejingen dy't har it meast ynsette foar beskerming en behâld fan de natuer.</p> <p>Boarnen:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Friesch Dagblad, 'Oerbos in 'stille kernen' in het Drents-Friese Wold', 16 april 2020; Omrop Fryslân, 'Konseptkaart foar 'wylder' Drents-Friese Wold is klear', 5 maart 2020; • Stuurgroep Regionaal Landschap, 'De kracht van een wilde kern in het Drents-Friese Wold', vergaderstuk routes en communicatie, 5 maart 2020; • Ministerie van Economische Zaken, Directie Natuur en Biodiversiteit, 'Natura 2000-beheerplan Drents-Friese Wold en Leggelderveld', definitief, februari 2017; • Nationaal Park Drents-Friese Wold, 'Beheer en Inrichtingsplan NP Drents-Friese Wold – Woud zonder grenzen', vastgesteld door GS van Drenthe op 15 oktober 2013.

Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. De nasjonale parken yn Nederlân wurde mei mienskipsjild betelle. Is it kolleezje it mei de FNP iens dat in útgongspunt wêze moat dat dy parken dan ek, sûnder dat skea oan de natuer dien wurdt, publyk tagonklik wêze moatte? 2. Yn it Natura 2000-behearplan út 2017 wurde maatregels neamd foar in ûntwikkeling fan Appelskea wêrby't sawol de rekreaasje as de natuer har fierder ûntwikkelje kinne. Is it kolleezje fan betinken dat de nije sône-oanpak mei de 'stille kearn' in posityf effekt hat op dy yntegrale ûntwikkeling? 3. Hoe binne de brûkers, bewenners en rekreaasje-ûndernimmers belutsen by it proses om de plannen foar in nije kaart foar it Drintsk-Fryske Wâld fêst te stellen? Sjocht it kolleezje it weifallen fan ynformaasjegearkomsten yn april ek as in gemis? As dat sa is, oerwaget it kolleezje de minsken op in oare wize by it beslút te belûken? Is it kolleezje ree om der op oan te trunen de ynspraakperioade net seis dagen (tusken 15 april – 22 april nei ús waarnimming) duorje te litten, mar seis wiken? 4. Reagearje op de plannen kin noch oant 22 april. Wat fynt it kolleezje fan de útspraak fan Stjoergroep-foarsitter Henk van Hooft, dat: <i>'(h)oevel de paden in dat plan formeel niet definitief zijn, de verlegde routes niet meer ter discussie (staan)'</i>? Is reële ynspraak noch wol mooglik? Hoe wurdt mei oare wurden, yn dit gefal troch it kolleezje ynfolling jûn oan wat yn paragraaf 3.1 fan de fêststelde begrutting fan de provinsje stiet, nammentlik: <i>'Dit door inwoners van onze provincie te betrekken bij het ontwikkelen van natuurwaarden en, waar mogelijk, recreatief medegebruik te bevorderen.'</i> 5. Hat it kolleezje ek oanwizingen dat organisatoaren fan eveneminten yn it Drintsk-Frysk Wâld tsjinwurking of in tanimmende regeldruk ûnderfine fan de beheader Steatsboskbehear (SBB) út? Kin it kolleezje oanjaan wat yn de takomst it belied mei eveneminten fan SBB wêze sil? 6. Hat it kolleezje sifers oer it ferrin fan de besikersoantallen, benammen by rekreaasje-ûndernimmers rûnom Appelskea? Is it wier dat it tal besikers yn de ôfrûne jierren weromrint? 7. Binnen de stjoergroep is der in sterk oerwicht fan oerheden yn de provinsje Drinte, en de provinsje Drinte fiert ek it sekretariaat. Op hokker wize is en hoe yntinsyf is de provinsje Fryslân belutsen by de besluten oer it Nasjonaal Park? Wat docht it kolleezje om te garandearjen dat de Fryske belangen fan bygelyks rekreaasje-ûndernimmers, rekreanten en bewenners oan de Appelskeaster kant fan it Drintsk-Fryske Wâld foldwaande har gerak krije?
-----------------	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP Wopke Veenstra, Sybren Posthumus
---------------	--

Datum	21 april 2020
-------	---------------